

*Philologia Frisica anno 1996. Lêzingen fan it fjirtjinde Frysk Filologekongres 23, 24 en 25 oktober 1996 (1998)*

(Ljouwert: Fryske Akademy, ISBN: 90-6171-856-2, FA-nû. 856, 237 s., f 27,50 (foar leden en stipers FA: f 25,-)).

Almeast om de trije jier fersoarget de Fryske Akademy in filologekongres en bondelet de lêzings dy't holden wurde. As ik de rige besjoch dy't ik sûnt it 4de kongres yn 1966 yn de kast stean haw, dan waarden yn de earste tiid alle lêzings (mei neipetearen) publisearre. Sûnt it tolfte kongres yn 1990 krije lykwols gâns mear minsken as wenst de gelegenheid om harren ûndersyksrisseltaten te presintearjen, net allinnich op it mêd fan de taal- en letterkunde, mar ek op it gebiet fan de skiednis en sosjale wittenskippen. Net alles wat op it rabat komt, wurdt langer publisearre. Dat is by de bondel fan it 14de kongres ek it gefal.

N.E. Algra beljochtet yn in Hollânsktalich artikel inkelde Ald-Fryske rjochtstermen op rjochtshistoaryske wize. Algra besiket oan de hân fan in frij willekeurich stik op it mêd fan wat no it 'privaatrjocht' hyt, dúdlik te meitsjen dat de rjochtshistoarje as help-wittenskip foar it Ald-Frysk filologysk ûndersyk winliken net mist wurde kin. It slagget him skoan om foar de net-juridysk ûntwikkele lêzer oannimlik te meitsjen dat juridyske termen lykas *be ende bodel*, allinnich goed begrepen wurde kinne as se pleatst wurde yn it rjochtsysteem, dêr't se út wei komme.

Dirk Boutkan, sûnt oktober 1998 offisjeel op de Fryske Akademy dwaande mei it tarieden fan it Ald-Frysk wurdboek, jout ús ynsjoch yn de eftergrûnen fan it 'Pokorny-projekt' fan de fakgroep Ferlykjende Taalwittenskippen fan de universiteit fan Leiden. Dat projekt kin as byprodukt in rudimintêr etymologysk wurdboek fan it Ald-Frysk opsmite (in lakune yn de frisistyk).

Boutkan syn tige spesjalistyske ferhanneling mei frij wiidweidige priuwkes fan foarbyldlemmata (dat binne titelwurden yn in wurdboek; tref- of stekwurden) sil foar in net-saakkundige net maklik lêsber wêze troch it sterk faktalich karakter. Mar de stege lêzer moat begripe dat de Leidske oanpak fan it substraatmateriaal (taalmateriaal mei spoaren fan in eardere taal) ta ferbettering fan gongbere etymologyen liede sil,

dus ek ta in kwalitatyf better Ald-Frysk wurdboek. Dat is grif in wichtige stap foarút sûnt de publikaasje fan Buma syn 'Priuwke fan in Frysk Ofliedkundich Wurdboek' yn 1969. It wurk dêroan hat ommers al te lang stagnearre.

Jeanne Verbij-Schillings jout út in Hollânsk eachweid wei yn it Hollânsk 'in' skiednis fan de Friezen. Se set it optreden fan de Friezen yn it midpunt. It is tige nijs-gjirrich om te lêzen dat de negative byldfoarming oangeande de Friezen benammen te krijen hat mei perioaden dat se opstannich binne of yn tiden dat de Hollânske greven har ynspanne om harren macht oer Fryslân op 'en nij te fêstigjen. De teksten drage krekt yn sa'n perioade in sterk rjochtshistoarysk karakter. De skriuwers besykje dan om it machtsstribjen fan har Hollânske breahearren te legitimearjen.

Germen J. de Haan skriuwt yn it Frysktalich artikel 'Taalferoaring troch taalkontakt', dat foar it grutste part ek te finen is yn *Us Wurk* ('dedicated to Bo Sjölin'; jrg. 46, 1997), oer de swiere druk dy't it Hollânsk op it Frysk leit. De foarbylden dy't er bybringt, sille dejingen dy't de earen iepen hawwe, net ûnbekend foarkomme. As er lykwols seit dat in grut part fan de Nederlânske ynverzjemooglikheden hieltiten mear 'akseptearre wurdt troch hieltiten mear Fryskpraters' dan giet er my te koart troch de bocht. Hy slacht it 'brûken' fan ynterferinsjes te maklik lyk mei 'akseptearjen' (s. 104) of 'akseptearje' (s. 112). It brûken fan ynterferinsjes op grûn fan (ferkearde) foarbylden om jin hinne of op grûn fan te min kennis fan 'geef' Frysk, hoecht ommers net te betsjutten dat men ynterferinsjes ek 'mei oertsjûging oannimt' of 'befredigjend' achtet (ferl. ek de LC-enquête fan 1991, bgl. fraach 62 of 66). En dat lêste hâldt it begryp 'akseptearjen' neffens my (en Van Dale) benammen yn. Boppedat, net alle minsken binne like maklik by steat en suverje har taalgebrûk of skerpje har op. Ek al witte se dat se flaters meitsje en ek al sjogge se it opnimmen fan hollânismen yn it Frysk as in (slimme) bedriging.

By De Haan syn behanneling fan syntaktyske ynterferinsjes mis ik in ferwizing nei Jarich Hoekstra syn wichtich artikel oer 'In nijsgjirrige folchoarderbeheining yn it Frysk en it spjalten fan foarnamwurdlike bywurden' (*Philologia Frisica* anno 1993, Ljouwert: 1994, 104-121). Foarbylden út dat artikel hiene fan belang west. Se binne bygelyks te beharkjen by net-Frysktaligen dy't letter Frysk leard hawwe of by Frysktaligen dy't opbrocht binne yn in húshâlding dêr't ien fan de âlden bûten de provinsje wei komt en earst yn Fryslân Frysk leard hat (lykas yn myn eigen situaasje). Hoekstra syn probleemgefallen ('kom ris hjir [yn]', 'lis it net dêr [op]', 'jou my ris dat', ensfh.), lykje neffens myn ûnderfining, by de bern út sokke húshâldings slimmer foar te kommen of te bestriden te wêzen as flaters yn de folchoarder fan tiidwurden.

It foar my meast nijsgjirrige part fan De Haan syn artikel is syn teory oer it 'wêrom' fan ynterferinsje (s. 110-113). De earste oarsaak (faktor) leit er by de *twatalige* earste-taalwinning yn relaasje ta de lytse talige ôfstân tusken Frysk en Hollânsk. Dy taalwinning liedt al ier yn in bernelibben ta in mingde ynfier fan Fryske en Hollânske taaluterings. Boppedat wurdt, lykas elts dy't bern hat of bekend is mei ûnderwiis, witte kin, de ûntjouwing fan de taalfeardigens yn it Frysk yn de sekondêre sosjalisearring (bgl. yn it ûnderwiis) net genôch stipe, benammen net op it mêd fan de wurdskat. Dat is neffens De Haan fan dy gefolgen dat der praat wurde kin fan in *ûnderbrutsen* leksikale ûntjouwing. Hy is fan betinken dat dat proses fersterke wurdt troch de stimulearring fan it brûken fan it Frysk yn formele domeinen. Dat proses freget om nije wurden foar begripen op it mêd fan kultuer, technology, massamedia, polityk, wittenskip ensfh. (dy't er as 'leksikale fernijing' oantsjut). Dy wurden wurde ûntliend oan it Hollânsk. In fjirde faktor liket him it ûntbrekken fan in algemiene wurkferdie-ling tusken beide talen, dy't der ta liedt dat it Frysk gauris konkurrearje moat mei it Hollânsk (soms ek yn it ynformele domein). De Haan neamt dat *kompetative twatali-*

*gens*. As 'wichtichste' faktor yn dat proses ûnderstelt er lykwols de ûngelikense posysje (en statusfunksje) fan de beide talen yn de taalmienskip.

De Haan set al dy 'fariabelen' of 'oarsaken' suver as lykskikkend njonkeninoar en ûndersiket net (fierder) oft syn wichtichste fariabele (de statusfunksje) mooglik net ûnder de fjouwer oare leit en dêr faktoranalytysk dus de grûnslach fan foarmet. Yn dat gefal soe it ynterferinsjeprobleem yn de kearn werombrocht wurde kinne ta in sosjaal-polityk probleem. De oplossing fan it ynterferinsjeprobleem soe dan primêr in politiken-ien wêze (in machtsprobleem dus). As syn artikel ta it ynsjoch bydrage soe dat in fûleindiger neistribjen fan mear taalmacht foar it Frysk needsaaklik is om as 'Frysk' te oerlibjen, dan hat it grif ek in beskate (normative) wearde. Yn dat gefal hoecht de pessimistyske foarsizzing fan De Haan net de ûnûntkombere twang fan in (natuer-)wet te hawwen.

Eric Hoekstra hat it 'Oer de oerienkomst tusken de dialekten fan Grinslân en it Frysk'. Hy docht ferslach fan in ûndersyk nei Frysk substraat yn 'e hjoeddeiske Grinslânske dialekten. Hy basearret dy ferliking op materiaal fan in stikmannich skriuwers dy't sels fan betinken binne dat de troch har oandroegen bysûnderheden represintatyf binne foar de Grinslânske dialekten yn it algemien. Hoekstra neamt dy wurkwize syn 'methodology' (s. 118), mar hy bedoelt winliken 'metoade' (wurkwize by in wittenskiplik ûndersyk). Methodology is neffens A.D. de Groot ommers in 'metoadelear' en dy jout 'grûnslaggen fan ûndersyk en tinken'. Dat is wat oars as wat Hoekstra docht. Ofsjoen fan dat fersin is it my op grûn fan syn ynterpretaasje (yn it ramt fan de taalkontaktteory fan Van Coetsem) aardich dúdlik wurden dat der yn syntaksis en morfology noch in protte oerienkomsten binne tusken it Grinslânsk en it Frysk, wylst dy yn de fonology amper noch te finen binne: de fonology jout it earst belies.

De unike eigenskippen fan it Grinslânsk geane tebek op it Ald-Frysk en it Ald-Saksysk. As 'de' Grinslanners ta it besef komme dat it Frysk ien fan har woartels is, dan is der grif minder reden om har tsjin de Friezen (en it Frysk) ôf te setten. Mar dan sille se Hoekstra syn Frysktalich artikel earst wol goed lêze moatte.

De Ingelsktalige bydrage fan Steven E. Lasswel hannelet oer it besykjen om de dialektisearring fan it Noard-Frysk (yn Dútslân) om te bûgen yn in foar de taal geunstiger rjochting ('Reversing Dialectalization in North Frisian'). It bestean fan it Noard-Frysk as in aparte 'taal' komt wat langer wat mear yn 'e kiif te stean. De tongslaggen dy't ûnder it Noard-Frysk falle, driigje ta in 'dialekt' fan it Dútsk te wurden troch it ferlies fan alderlei strukturele skaaimerken. Likegoed as dat it Wester-Lauwerske Frysk oanfretten wurdt troch de hollânismen, wurdt it Noard-Frysk dat troch de germanismen. Lasswel jout dêr gâns foarbylden fan út it 'Sölring', it Frysk fan it eilân Sylt. Echte Syltringer wurden reitsje yn ûnbrûk of reitsje in part fan har betsjutting kwyt.

Om it ombûgingsproses te stjoeren riedt de skriuwer oan om nei de korpus- en statusplanning fan it Faroersk te sjen, dat in wiere opstanning belibbe hat. Mar dêr koe wol ris in Noard-Fryske beweging foar nedich wêze, lykas yn Wester-Lauwersk Fryslân. Sa'n beweging soe oanstjoere moatte op ferplichte ûnderwiis yn de taal en it ferheegjen fan it (taal)fakmanskip fan de learkrêften.

Funksjoneel monolingualisme yn de klasse liket him fan grut belang ta; dêrby soe de Fryske terminology foar it direkte fermidden fan de bern it earst makke en oerdrogen wurde moatte.

Fierders achtet er haadstik III fan it Europeeske Hânfest foar Regionale of Minderheidstalen fan grutte betsjutting foar it nij libben ynblazen fan de taal. Mar foar alles sil de takomst fan it Noard-Frysk ôfhingje fan inisjativen fan de praters en po-

tinsjele praters. Taalsoarch soe de foarm fan in 'moderate purism' oannimme moatte om de taal út te bouwen en dy sa funksjoneel mooglik te meitsjen.

Lasswel syn stik is gjin fleurich ferhaal om te lêzen. It moat fier wei komme mei it Noard-Frysk. Te fier?

Hanneke Hoekstra is begjin desimber 1998 yn Grins promovearre op in Ingelsktalich proefskrift oer *it leauwe, Fryslân en it feminisme* yn de romans fan Ypk fan der Fear (pseudonym fan Lipkje Post-Beuckens, 1908-1984). Yn de hjir besprutsen kongresbondel jout se dêr in priuwke fan mei har bydrage 'De ortodoksy fan it hert: Ypke fan der Fears *Ek in minske*'.

De roman *Ek in minske* hat, lykas *De deade by de libbene* en *De dei is jong*, foarmskaaimerken fan it Ingelske sjenre de 'gothic'. It is in sjenre dat, útsein sa út en troch ris yn de populêre literatuer, yn de Nederlânske of Fryske literêre skiednis amper bekend is. Men ken it sjenre der út oan it hûs dêr't men fan griist (Hoekstra brûkt 'it *grizelige hûs*', mar dat wurd komt my as ûnfrysk foar), in yslik geheim dat ferstoppe is yn in labyrint, liken yn de kast en bloed op de muorren. Faken wurde 'goatyske' romans skreaun troch froulju dy't dêr in froulike finzenskip yn ferbyldzje. Ypk fan der Fear brûkt itselde motyf fan de 'madwoman in the attic' yn *Ek in minske*.

In oar foarmaspekt is de konfesjonele fertelwize. Der is in ferbân mei de teologyske dogma's fan it protestantisme. De fertelstruktuer wurdt beskaat troch it selsûndersyk fan de sûndige minske foar in altiten oanwêzige God oer. Mei as gefolch in gefoel fan djippe eangst en benaudens. It kalvinisme stie ommers in strange skieding tusken lichem en siele foar. Dat wie fan dy gefolgen dat it tsjinjen fan God en it seksuele begear net te rymjen wiene. Yn it algemien wie (?) lichaamlikheid in taboe.

It selsûndersyk hat te krijen mei eangst foar de dea en de wrake Gods. It lit neffens Hoekstra sjen hoe't religy as morele struktuer ta perverzje ferwurde kin.

Hoekstra komt nei analyse fan *Ek in minske* ta de konklúzje dat it brûken fan de goatyske foarm werom te lieden is op eangst foar de dea, ynjûn troch de brieven fan Paulus yn it Nije Testamint. De bytiden beskamsume bekentenissen fan de haadpersoan, in âldere, miswoeksen frou, Kobe Titema, dy't har mei har troch sûnde tramtearre siele de finzene fielt fan in misfoarme lea, binne neffens Hoekstra de perverse literêre reprissintaasje fan in protestantske kultuer.

Hoekstra har artikel lit him suver lêze as in roman fan Ypk sels (en dy lêste haw ik as skriuwster heech). It is spitich dat krekt yn dizze bydrage oan de bondel safolle staveringsflaters sitten bleaun binne. Om in stikmannich te neamen: begin [begjin], Goatyske [goatyske], opslúting [opsluting], foarm-aspekt [foarmaspekt], isfoar [is foar], perversje [perverzje], perverske [perverse]. Datselde jildt yn myn eagen ek foar taalflaters (hollânismen) as: Ek yn dizze roman ..., Ek is dat sjenre ... ['ek' oan it begjin], kent Ypk [ken Ypk], gegeven [feit].

Jeroen Jansen problematisearret it begryp 'hardicheyt' yn de fersen fan Starter. Dy ferneamde skriuwer besocht mei alle macht 'hardicheyt' út syn fersen te bannen. Jansen komt ta de konklúzje dat de termen 'hard', 'hardheid' en 'hardigheid' yn stilistyske sin 'ruw', 'stugheid', 'onwelluidendheid' betsjutte, mar dat it ek prosoadyske wanlûdigens betsjutte kin, lykas J.H. Brouwer hawwe woe. In oare reden om 'hardigheid' út te bannen kin yn de sechstsjinde en santsjinde ieu it stribjen nei taalsuverens wêze, it brûken fan neologismen en purismen. As Starter neffens eigen sizzen hopet dat syn lêzer 'geen hardigheid van vreemde woorden zal vinden', dan bedoelt er fan neisten dat er winsket dat de lêzer gjin 'onwelluidendheid van barbarismen' oantrefte sil. As 20ste ieuske lêzer moat men grif wurdearring hawwe foar wittenskippers dy't sokke útpluzerij opbringe kinne.

Korrie Korevaart jout yn 'De literatuur in de Leeuwarder Courant (1830-1848);

ideaal en werkelijkheid' yn koart bestek in stikje ynformaasje oer ynhâld en eftergrûn fan de literêre kritek yn de *Leeuwarder Courant* yn de jierren 1830-1848. Har ûndersyksfraach is nochal dizenich formulearre: 'Maar hoe vergaat het de literatuur zelf in de krant van uitgever Pieter Koumans Smeding?' [...] 'Maar houden de schrijvers zich ook aan de literatuuropvatting en de oogmerken van de critici in de krant?' Dy fraach wol se stap foar stap beânderje en fierders ek noch antwurd jaan op: 'Wiens werk kiest de redactie uit voor publicatie?' Nei't se in rychje auteurs behannele hat, folget in *ferwachting* en op grûn dêrfan wer in (of is it dê?) ûndersyksfraach: 'Op grond van de inhoud van de literaire recensies en de artikelen over literatuur valt te verwachten, dat de Leeuwarder Courant *relatief veel* literatuur zal opnemen. De literaire kritiek in de krant beoogt immers de Friese literatuur te stimuleren. De redactie van de krant kan dat niet beter doen dan door vooral ook zelf veel Friese literatuur te publiceren. Wat gebeurt er precies?'

Korevaart har ûndersyksferhaal komt gaoatysk oer en liedt by my ta fragen as: Wat is 'relatief veel'? En slacht dat op de literatuer yn it algemien of op de Fryske literatuer? Wat is in 'bytsje', wat is 'normaal' en wat is in 'protte' foar de ûndersochte tiid? En sa binne der noch wol wat mear fragen te stellen by de rest fan it ferhaal. It is allegearre net sa helder.

Fan alle bydragen, foldogge my opset en útwurking fan Korevaart it minst. Wol se winliken net (ferwachtings) toetse en is it ûndersyk sadwaande net as *toetsingsûndersyk* bedoeld? Hie it empirysk-analytysk model har yn dat gefal net in systematysk(er) ramt en in trochsichtiger opset biede kinnen? Hie se dan net better in metodolooch, leafst mei in wat sosjaal-wittenskiplike eftergrûn, rieplachtsje kind? It liket my ta dat mei in stikmannich goed te ûnderskieden en omskreaune stappen (op it stik fan it waarnimmen, it ferûnderstellen, it ferwachtsjen [foarsizzen], it toetsen en it evaluearjen), har ûndersyk grif in helderder struktuer en har ferslach in eksakter (wittenskiplike) formulearring krije kinnen hiene.

By in goede operasjonalisearring hie der útkomme kinnen dat de *Leeuwarder Courant* literêr al of net *betsjuttingsfol* ferskilt fan in stikmannich ferlykbere blêden bûten Fryslân (dêrûnder faaks de beide blêden dy't de skriuwster yn noat 6 neamt). Dat hie de fraachstelling foar't neist wat ferlein. Dêr hie 't wat my oanbelanget net minder (wichtich) om west, omdat it wat sizze kin oer de Fryske identiteit.

En as it dochs in konfrontaasje bliuwe moat tusken 'ideaal' en 'werklikheid' binnen ien en deselde (Fryske) krante (de *Leeuwarder Courant*), dan hiene der likegoed operasjonalisearre ferwachtings út it ideaal (de literêre kritek) ôflaat wurde moatten en ferlike mei (en toetst oan) in goed definiearre 'literêre werklikheid'. En hie de tiid nei 1848 yn de 19de ieu dan net fan it begjin ôf oan yn de fraachstelling behelle wurde moatten? Dy perioade is wol ûndersocht en wurdt wol besprutsen, mar falt bûten it yn de titel neamde tiidrek.

Ofslutend en it hear oersjend: by de njoggen (fan de 38) foar dizze bondel ta artikel omwurke lêzings is der foar elts dy't belangstelling foar Fryslân en it Frysk hat, genôch ferskaat. It is in nijsgjirrige publikaasje wurden fan in ornaris (hiel) goed nivo, dy't in gâns breder lêzerspublyk fertsjinnet as allinnich de krapoan 140 besikers fan it kongres.

Sytze T. Hiemstra (Drachten)